

## Aeisiikjen.

GROU. Yn ús doarp wirdt elk jier troch âlderren sawol as jongeren in hiele bult oan aeisiikjen dien. Hwennear de tiid der is, den geane der al ridlik gau gûds op út om, as 't mûglik is, in aeike to snappen. Rint it tsjin 't lêst, den meitsje forskillende klubben hjarren klear om ien ef mear dagen fen dizze sport, dy't sa foar en nei al mear en mear foartgong fynt yn Fryslân, to genietsjen.

Ien fen dizze klubben, nammentlik „De Ljip”, hie dit jier 35 jier bistien. Yn 1906 troch een stik ef hwet jonges oprjuchte, teach dy klub der elk jier de lêste Snjeon ef Snein fen it aeisiikjen op út. Ek dit jier wer, howol de oarlochstastân hjarren for forskillende swierrichheden pleatste, dy't net maklik to omsilen wierne. Doch de greate drang, dy't den nei sokke dagen útgiet, hat alles oerwoun. Der binne net folle aeijen foun; det komt misskien ek al mei omdat men inkel oanwiisd is to siikjen yn det lân, hweryn men permisje hat. Misskien ek wol omdat it fûgelgûd mei de kjeld mear nei de wâlden set is, dochs dat nimt net wei, dat de klub dit foarjier wer in pear moaije dagen hawn hat, tomear omdat men sokke dagen alle bislommeringen fen it deistige libben ris oan kant sette kin en tominsten yn dizze tiid.

GROU. Under bigunstiging fan prachtig foarjierswaer hat de aeisikersklub „De Ljip” yn de kontrijen fan Wâldlânnen en blaugerzen syn fjirtichjierrich jubileum fierd.

Fokke van der Schaaf fan Voorburg by Den Haech hie in tillegram stjûrd mei lokwinsken foar de klub. Rein Jonker to Kenosha (Amerika), in âld-lid fan de klub, skreau dat hy in pakje stjûrd hie, hweryn

oanwiisd Tjerk Hannema, Fokke van der Schaaf en Klaas Berkepas. It karbrief is noch yn it bisit fan de klub, krektyk as de flagge, dy't nei de earste tocht foar de klub makke is. Der wiene doe safolle aeijen foun, dat fan de opbringst de flagge, dy't skildere waard troch Tjibbe Hiemstra, bitelle wurde koe. Elke maeitiid is de klub der ien of twa dagen op úttein om yn de wâldlânnen, blaugerzen of hwer dan ek, hiele fjilden ôf to swalkjen om de sa bigearlike aeikes to finen. Der wiene jierren by, dat men wolris mei in pear hûndert aeijen thús kaem, doch de lêste jierren, nei 't de lêste dei fan aeisiikjen fêststeld is op 19 April, wurde der yn de regel net folle aeijen mear foun. Dochs bliuwe it altyd noch moaije dagen foar de klub, yn it frije fjild midden yn 'e fûgelwrâld om to swalkjen.

Nou 't de klub dan dit jier op 13 en 14 April syn 40ste tocht makket, hoopje wy dan ek dat hja moai waer treffe en mei in protte aeijen thús komme sille.

GROU. De aeisikersklub „De Ljip” hat dit jier 40 jier bistien. Yn 'e maeitiid fan 1906 kamen der in stikmannich jonges byelkoar mei it doel in aeisikersklub op to rjochtsjen, hwat ek slagge. Op it souderkeammerke fan Wypke Sjut waard it karbrief gearstald en as bistjûrsleden waerden

tabak, sigaretten, thé en sjipte. Jammer genôch dat it pakje net op tiid oankommen is. Inkelde Grousters hawwe de middeis efkes op resepsje west en oarhandigen in blyk fan bilangstelling. De aeisikersklub fan Roardhuzum, dy't alle jierren op de aeisikersdei bûrljue binne fan „De Ljip”, kamen ek efkes oan en mei in tapaslik spyske oerhandige de foarsitter fan dy klub, de hear S. Okkinga, in greate oranje-koek. In aeisikersklub fan Grou kaem ek mei hwat goods oansetten, sadat it net oan bilangstelling ûntbrutsen hat.

Sneintomiddeis binne frouljue fan leden ek efkes oerkomd by de resepsje en binne it fjild ek mei yn west to aeisikjen. Ljeppen wie in poepetoer foar har en omdat it lân noch al hwat sodzich wie, kamen se mei in pear wiete fuotten en gjin aeijen wer oan board.

Ien mei oar ha it in pear prachtige dagen foar klub „De Ljip” west. Mei 35 aeijen kamen se thús.